



**FRYSKE** **AKADEMY**  
**Frysk Filologekongres**

13, 14 en 15 juny 2012

**Taal, Tekst en Maatskippij**

**It Frysk yn in feroarjende omjouwing**

**Fernijde oankundiging en oprop foar lêzingen**

Op 13, 14 en 15 juny 2012 organisearret de Fryske Akademy foar de njoggentjinde kear it Frysk Filologekongres. It kongres wol in poadium wêze foar it wittenskiplik debat oangeande de Frisistyk yn 'e breedste sin. De fiertalen binne: Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en Dútsk.

De opset fan it kongres is dat elke dei úteinset wurdt mei in plenêre lêzing. Dêrnei folgje parallelsjesjes.

It kongrestema is dizze kear 'Taal, Tekst en Maatskippij', mei as ûndertitel 'It Frysk yn in feroarjende omjouwing'.

De ynfolging fan it tema rjochtet him dêrby yn it foarste plak op 'e folgjende ûndersyksfjilden, dêr't inkelde mooglike subtema's by neamd wurde:

1. Taalkunde: de libbene taal en syn feroarings.

Mooglike subtema's:

- a. sprutsen Frysk tsjinoer Standertfrysk.
- b. grammatikografy (yn it ramt fan it nije Taalportaal Frysk).

2. Leksikografy: databanken.

Mooglike subtema's:

- a. data en text mining.
- b. fraseology.

3. Literatuer-/kultuerskiednis: tekst en kontekst.

Mooglike subtema's:

- a. meartaligens yn literêre teksten, bygelyks de Midfryske gearspraken.
- b. de Fryske literatuer en de Fryske literaat yn in feroarjende maatskippij.

4. Laboratoarium Fryslân: meartaligens.

Mooglike subtema's:

- a. Fryske tekstproduksje yn de media, spesjaal ek yn nije media sa as op blogs en dat yn ferliking mei oare (minderheids)talen.

b. it plak fan it Frysk en meartaligens yn polityk en belied.

It ûndersyksfjild is dêrby like rom as altyd: it Frysk yn al syn fazen en mei ynbegryp fan de dialekten dy't yn Fryslân foarkomme en it Frysk yn Dútslân (Noard- en East-Fryslân); dêrnêst binne ek lêzingen dy't út in ferlykjend perspektyf wei relevant wêze kinne fan herten wolkom.

De kongreskommisje ropt hjirby saakkundigen op om in opset (likernôch 250 wurden) foar in lêzing yn ien fan 'e parallelsjes yn te tsjinjen, leafst mei in ûnderwerp dat mei it kongrestema ferbân hâldt.

In lêzing duorret tweintich minuten (folge fan tsien minuten neipetear). Ut it oanbod fan lêzingen sil nei de slutingstermyn (sjoch hjirûnder) in kar-út makke wurde foar it kongres. In seleksje fan 'e lêzingen sil publisearre wurde yn in kongresbondel ûnder redaksje fan 'e kongreskommisje.

It kongres wurdt hâlden yn Ljouwert yn sealesintrum It Aljemint fan 'e Fryske Akademy. De kongreskosten binne € 85,- foar it hiele kongres of € 35,- deis (ynkl. kongresdokumintaasje, kofje/tee en lunsj), mar lêzinghâlders binne frij fan kongreskosten foar de dei dat se in lêzing hâlde. Studinten ha fergees tagong ta it kongres. Op tongersdei 14 juny is der in kongresdiner. De kosten dêrfan binne € 30,-.

Wa't in opset foar in lêzing yntsjinje wol of him no al foar it kongres opjaan wol, kin dat dwaan by:

Kommisje Frysk Filologekongres 2012  
Janneke Spoelstra, Fryske Akademy  
Postbus 54, 8900 AB Ljouwert  
email: [jspoelstra@fryske-akademy.nl](mailto:jspoelstra@fryske-akademy.nl)

### **De slutingstermyn foar it ynstjoeren fan in opset is 31 jannewaris 2012.**

Ynljochtings kinne jo ynwinne by Piter Boersma (email: [pboersma@fryske-akademy.nl](mailto:pboersma@fryske-akademy.nl), tel. (0031)-(0)58-2343047 / 2131414) of Janneke Spoelstra (email: [jspoelstra@fryske-akademy.nl](mailto:jspoelstra@fryske-akademy.nl), tel. (0031)-(0)58-2336915 / 2131414).

De kongreskommisje:

Piter Boersma (FA) foarsitter  
Dr. Hanno Brand (FA)  
Prof. dr. Rolf H. Bremmer (Universiteit Leiden)  
Prof. dr. Jarich Hoekstra (Christian-Albrechts-Universität, Kiel)  
Prof. dr. Goffe Jensma (Rijksuniversiteit Groningen)  
Prof. dr. René Jorna (FA, Rijksuniversiteit Groningen)  
Prof. dr. Reinier Salverda (FA, University College London)  
Janneke Spoelstra (FA) skriuwster  
Prof. dr. Arjen Versloot (FA, Universiteit van Amsterdam)